

Fan de Foarsitter,

Ôfrûne tiisdei 26 januari wie it moarnsbetiid al in drokte fan bilang bij it oars sa rêstige hôf en toer fan Skillaerd. Beamfersoargingsbedriuw Zeinstra fan Friens sette der in grutte kraan del om de beammen [32 iepen] rûnom it hôf te “kandelaberen” Ek de beammen dy oan de sleatskant fan it hôf steane waarden of sille ferwidere wurde. Foardat se mei de wurksumheden begjinne koenen hawwe se earst de nêsten fan de roeken dy yn de beammen fan it hôf sieten, derút helle en ferpleatst nei de beammen dy oan de sûdkant steane. Dit is in ferplichting yn it kader fan de flora en faunawet wêr we ús oan hâlde moatte en ûnderdiel is fan de fergunning.



26 januari




2021

It wie tige oan ûnderhâld ta. De toer woenen we wer graach yn it sicht hawwe, mar hoe koenen we dat as tsjerkerintmasters realisearje? We hawwe ús ljocht opstutsen by ús doarpsgenoat tún-, en lânskipsarchitect Nico Kloppenborg, dy ús mei ried bystien hat. It wie noch in hiele toer om de needsaaklike fergunnings te krijen. Mar nei it skriuwen fan in Ecologisch rapport en it oanfreegjen by de provinsje en gemeente is it slagge om it ynoarder te bringen.



1913



1965

Sa as op de foto's te sjen is, is de hichte fan de beammen werom brocht neffens de situaasje fan 1965. Soenen we de hichte fan 1913 oanhôlden hawwe, dan wie de yngreep te rigouereus west. We moatte no wol in pear jier geduld hawwe en de beammen de kâns jaan om út te rinnen en dy wer in mooie tichte ring om de toer hinne foarmje.

De restauraasje fan de binnenkant fan de tsjerke is yntusken ek folop oan'e gong. Neidat it boubedriuw van der Vegt it hiele ynterieur fakkundig ynpakt hie, koenen de stigerbouwers fan Syperda los. Yn in rekôrdtempo fan twa dagen hawwe hja de hiele tsjerke folbouwd mei stigers en twa wurkflierren boppenien oanbrocht, sadat de stukadoors fan Stuc Bouw harren wurk dwaan kinne. Se binne bigûn om it gewelf boppenien hielendal fêst te skroeven [4000 skroeven!] om dernei de skuorren te reparearjen en dernei in nije laach oan te bringen. In hiel karwei!



Ek is in keuze makke om de ferwaarming diels te ferfangen. De stralers ûnder de finsters komme net wer werom. De ferljochting sil ek ferfongen wurde. Letter hjiroer mear. It oargel is yntusken sa goed as klear en leit yn Ljouwert yn de wurkpleats te wachtsjen om wer werom te pleatsen sadré de oare wurksomheden klear binne. Al mei al gebeurt der hiel wat en binne de tsjerkerintmasters der drok mei, om de juste keuzes te meitsjen. Wat we no dogge is foar de takomst en der moatte je goed oer neitinke. Gelokkich wurde we dêryn bystien troch ús enthousiaste architect Sake Mulder. No we net fysiek by elkoar komme kinne om alles út te lizzen, dogge we it fia de nijsbrief om jimme safolle as mooglik is, op de hichte te hâlden. Mochten jimme oanstriid hawwe en nijsgjirrich wêze wat der allegear bart, dan kinne jim my altiten oansjitte, belje as maile om mear ynformaasje. Ek is it mooglik om op ôfspraak yn tsjerke te sjen wat der daadwurklik dien wurd.

Corona hâld ús noch hieltyd yn de besnijing. De algemiene ferwachting is dat it ek noch wol in skoft oanhâlde sil dat we elkoar wer yn in fiering tsjinkomme sille. It is net oars en we moatte ús der by deljaan. Dit is foar de iene makliker as foar de oare. Elk hat sa syn as har eigen "beleving" hjiryn. Litte we elkoar wêr as it mooglik is stypje en helpe!

Rinse S. de Groot